





Heine Veerman:
Der kaam wer in
sneed yn ús libben'



**Wurk fan in wrâld-
ferneamd skriuwer
yn Fryske oersetting**



**Wurk fan in wrâld-
ferneamd skriuwer
yn Fryske oersetting**

TROCH BRAM BURUMA

Simen de Jong wit sels net rjocht wat hy dermei oan moat, as hy fertelt oer himsels, it boek en de eftergrûn fan it ferhaal. De tiid dat hy Fryslân efter him liet is al lang foarby. Dat De Jong him yn de polityk yn Amsterdam bemuoide de mei aksjes fan studinten, de besetting fan it Maagdenhuis yn 1969 en de Kabouter-beweging dêr't hy foar yn 'e gemeenterie stiet, dat makket hjoed de dei ek al gjin yndruk mear. En yn syn wurk mei in psychologyske eftergrûn, dêr stie hy leafst net op 'e foargrûn. Simen de Jong hat it gefoel dat hy yn in spagaat treaun wurdt, as syn debútroman 'De lêste halte' ferskynt by de KFFB en de auteur dochts yn it fuotljocht helle wurdt. Oan de iene kant wol de skriuwer der graach oer prate. Hy is blind dat it boek no klear is. Mar oan de oare kant hie hy dit alles miskien ek wol folle leaver foar himsels hâlde wol-

*'Ik tink dat heit glimket
no't syn soan dit boek
foar him ôfmakke hat'*


len, om't dochts wat bleat leit en alles wat no oan it papier tabetroud is, in folle djippere betsjutting hat as de measte lêzers dêryn ûntdekke sille. En dat is miskien krekt dan ek wer de oanlieding om it boek ûnder in oare namme te skriuwen en der in draai oan te jaan fan in roman. Dúdlik is lykwols al dat efter Simen Oetie in man sit dy't in soad te fertellen hat. Miskien hat it te krijen mei leeftyd, dat Simen de Jong, want dat is de werklike namme fan de skriuwer, alles no graach in plakje jaan wol. Syn wurk en ambysjes dreauwen him nei it Westen fan Nederlân en hy wennet no al jierren yn Bussum. Mar as er yn it heitelân werom is en him sa no en dan weromlûkt yn syn twadde wente yn it Fryske marregebiet, dan geane de tûzen maklik werom nei hoe't alles eartiids wie. Dat dit allegear lykwols nochris ta it skriuwen fan in boek liede soe, dat hie er sels yn alle gefallen nea betinke kind. Dat leden fan de KFFB it resultaat no as earste ûnder eagen

krije, dat is alhiel gjin tafal. De skriuwer sjocht it boek ommers as in earbetoan oan syn heit, E(elke) S(imens) de Jong, jierrenlang besjoerslid fan de KFFB, skriuwer en propagandalieder efter De Fleanende Krie. Mar E.S. de Jong die dat allegear neist syn wurk as learaar, en dûmny, en ferslacher fan de Boalserter krante, yllustrator, skriuwer en noch in hiel soad oare dingen. Simen de Jong fertelt dat er it as jonkje mar hiel gewoan fûn dat heit by de tafel yn 'e keamer syn stikjes stiet te meitsjen foar de krante. En dat er foaral nei it fersjerren fan heit begjint yn te sjen wat syn heit sa dwaande hâlde. Fêst stiet yn alle gefallen dat E.S. de Jong ek sels nea betinke kind hie dat syn soan ea nochris in boek foar de KFFB skriuwe soe. Mar Simen de Jong is der no wis fan dat heit glimkje soe, as er dit noch meimeitsje mocht. Simen de Jong sjocht it resultaat no yn it foarste plak ek as wurdearring foar wat heit die. Mar it mei miskien ek wol sjoen wurde as in oade oan Fryslân. „Ik haw sawat oeral op 'e wrâld wol west, mar op gjin inkele plak haw ik my sa thús field as yn Fryslân. En dat is ek no noch sa. Dat komt om't minsken hjir oan in heal wurd genôch hawwe. En dat leit my wol.” Simen de Jong waard yn maaie 1942 berne yn Wânswert as

âldste soan fan Eelke Simens de Jong en waard grutbrocht yn Boalsert. Hy studearre psychology yn Grins en Amsterdam en krige sa ek syn wurk yn de haadstêd yn 'e jeugdsoarch en as koördinator fan it flechtelingenwurk. Simen de Jong hie earder nea de ambysje om in boek te skriuwen, miskien om't heit dêr dei en nacht mei dwaande wie en it him dêrtroch tsjinstean gong. „Mar taal rekke my altyd wol. Dêrom spyt it my no ek sa dat ik dêr net earder wat mei dien haw. In freon hat my oantrune om mear te skriuwen as wat gedichten en koarte ferhalen. De reaksjes dêrop makken op de iene as oare wize wat by my los en dat hat miskien ek wol de reden west om troch te gean.” Simen de Jong kin him no net foarstelle hoe as heit syn wurk thús dwaan koe. „Hy siet by ús yn 'e keamer oan 'e tafel as wy oan it spultsjedwaan wienen of stieten te kwebbeljen. Hy makke dan in stik klear foar de krante of der wie lang om let wer in boek fan him klear. Ik freegje my no noch hieltyd ôf hoe as dy man dat sa dwaan koe. Ik kin sels sa absolút net wurkje, ik moat der echt foar sitten gean en my weromlûke om wat op papier te krijen.”

Sjoch fierder op side 2

Troch Bram Buruma



‘Ik tink dat heit glimket no’t syn soan dit boek foar him ôfmakke hat’

Ferfolch fan foarside

Nei it ferstjerren fan syn heit yn 2001, kaam der dochs hieltyd mear belangstelling foar dy syn wurk. Simen de Jong fertelt dat er no noch lang net alles wat heit skreaun hat iens lêze koe. „Mar doe ’t ik op in bepaald stuit in sketsboek fan heit yn hannen krige, die bliken dat dat in boek wie dat er nea ôfmakke hie. De kranteknipsels en sketsen makken my nijsgjirrich. It fertelt it ferhaal fan myn omke dy’t boer wie yn Wânswert en begjin jierren santich oerfallen waard troch trije manlju. Hy is doe raar mei de dea bedrige, mar wist moarns ier de mannen ûnder it melken ôf te liden en is sa ûntkommen. Heit besocht letter op syn wize út te finen hoe as dat yninoar stuts en woe dêr blykber syn eigen ferhaal fan meitsje. Ik haw earder nea witten dat heit dêr sa mei dwaande wie, mar ik bin syn wurk mei dêrtroch wol op in oare wize begûn te sjen.”

Fantasije

De skriuwer wol yn it foarste plak en foaral goed dúdlik hawwe dat syn boek fantasije is, in optocht ferhaal, dat it fiksje is, dat basearre waard op feiten. It is in psychologyske roman mei spanning en sensasje, oer dea en leafde, weemoed en ferlakerij. It boek fertelt it ferhaal oer de fotograaf Meindert Minnema, dy’t lêst dat syn omke ea ûnder fertochte omstannichheden ferstoarn is.

Minnema besiket nei te gean wat der bard is.

Foar wa’t dat noch foar de geast helje kin, sil yn it ferhaal in soad werkenne fan wat him begjin jierren santich ôfspile hat by Wânswert. Foar oaren bliuwt it in ferhaal dat miskien ek wol fragen opsmitte sil.

De skriuwer tinkt al dat in soad leden fan de KFFB in in dreech boek fine sille. „It ferhaal is geandewei ûntstien nei ‘t ik dermei begûn. Ik haw der safolle yn kwyt wolle, dat it foar guon minsken miskien gewoan tefolle is.”

It boek dat no ferskynt by de KFFB waard yn it Hollânsk skreaun. Dick Eisma soarge foar de oersetting yn it Frysk en Jacobus Knol soarge derfoar dat it ferhaal yn in boek past. Foaral ek dat lêste wie noch in hiele yngreep, wit de skriuwer. „Doe’t ik jien kear dwaande wie, wist ik net wêr’t ik op útkomme soe. Ik skreau op wat my yn it sin kaam,” seit de auteur no.

De Jong fertelt dat syn heit geandewei it skriuwen hiel ticht by him kommen is. „Ik fielde my dan ek mear in opskriuwer as in skriuwer. Mar ik haw yn dit ferhaal wol in hiel soad fan eartiids kwyt kinnen en ik haw der dingen yn struid dy’t grif net elkenien daliks sjocht. En minsken dy’t heit kend hawwe, sille der ek in hiel soad fan him yn werkenne. Ik tink ek dat heit glimket no’t syn soan dit boek foar him ôfmakke hat. Ik bin dêrom ek fan betinken dat dit resultaat de KFFB takomt.”